

# Lêze om te Learen

## IN WRÂLDREIS YN 80 DAGEN



Lêze om te Learen is in holistyske oanpak fan lêsunderwiis yn de foarm fan ûndersykjend learen, bedoeld foar de midden- en boppebou fan it primêr ûnderwiis.

Lêze om te Learen bestiet út in set fan tematysk relatearre rike teksten. Foar de ûntwikkeling fan lêsfeardigens yn it Frysk is it wichtich dat bern in rom en fariearre oanbod krije oan teksten.

Yn dit boekje fine jo teksten by it tema 'In Wrâldreis yn 80 dagen'.

## Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.

Idee, tekst en ûntwerp: Sigrid Kingma en Klarinske de Roos

Earste printinge 2024 [www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl](http://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl)

# Tema: Wrâldreizgje

## **Tekst**

---

### **Reizgje troch de tiid**

*Janneke Heslinga*

Ynformative tekst oer de skiednis fan de klok en tiidsônes.

### **Ferkeard yn Ingelân**

*Lara Kool-de Vries*

Persoanlike tekst oer in ferkearsûngemak yn Ingelân.

### **Itensgrinzen**

*Berber Spliethoff*

Ynformative/persoanlike tekst oer redenen foar ferskillen yn ytkultuer.

### **Snack on track – in flaubyt ûnderweis**

*Ciska Noordmans*

Ynformative tekst oer beskikbere snacks yn in reis om de wrâld.

### **Op reis nei Suriname**

*Albertsje Spliethoff*

Ynformatyf reisferslach fan in besite oan Suriname.

### **Reizgje foar de fantasy**

*Sigrid Kingma*

Filosofysk relaas oer wêrom't minsken reizgje.

### **Spoar**

*Berber Spliethoff*

Ferhaal oer de oanlis fan de spoarwegen yn Amearika.

### **Ferfier yn it ferline**

*Ciska Noordmans*

Ynformative tekst oer de skiednis fan ferfiersmiddels.

**Bijlage:** Wat vraag je nu eigenlijk? Over vragenstellen bij teksten.



# Reizgje troch de tiid

Janneke Heslinga

*In wrâldreizger is eins ek in tiidreizger. Ast oer de wrâld reizgest komst yn ferskate tiidsônes. Giest dan wol net jierren tebek yn 'e skiednis, of jierren foarút de takomst yn, mar silst dyn horloazje ûnderweis gauris fersette moatte. De hear Phileas Fogg tiidreizget ek yn it ferhaal In wrâldreis yn 80 dagen, en hellet sels in dei yn. Hoe sit dat? Kin dat eins wol echt?*



*In sinnewizer jout mei it skaad de tiid oan.*

## De sinne

Tiid hat alles te krijen mei de sinne. It alderearste helpmiddel om de tiid fan de dei te tsjuten wie de sinnewizer. Mei help fan it skaad fan de sinne kin de tiid fêststeld wurde. Eltse dei waard yndield yn tolve dielen, de oeren. Dochs binne dy oeren op in sinnewizer net konstant. Simmerdeis duorje de oeren langer, om't de sinne langer oan de himel stiet. Nachts skynt de sinne fansels net en dan hast ek neat oan de sinnewizer.

Mei de komst fan de klok waard de tiid mear sekuer. Kamrêden en gewichtsjes kinne in klok mei wizers evenredich draaie litte om de tiid oan te jaan.

Al wie de klok op in beskaat stuit útfûn, it kaam eartiids net sa krekt. Alle minsken út it doarp seagen nei deselde klok op 'e tsjerketoer. It hindere neat as dy foar of efter rûn. Minsken reizgen noch net in soad en as alle minsken út it doarp nei deselde klok seagen, wie der neat te rêden. Mei de komst fan ûnder oare de spoarwegen wie it net handich as elts doarp in oare tiid hie. Dan witst ommers nea wannear oft de trein komme sil. Fan doe ôf binne der ôfspraken makke.

Doe't de fabryksklok brûkt waard om meiwurkers stranger oan wurktiden te hâlden, knoeiden bazen yn Ingelân wolris mei de klok sadat minsken langer wurkje soenen. Mei de komst fan it draachber horloazje wie it gelokkich gau út mei dy fratsen.

No't elkenien in horloazje of mobyl hat, is in oere altyd gelyk. Rûnom op 'e wrâld. Dat fielt faaks net altyd sa. Moaie mominten lykje folle rapper foarby te gean, wylst saai dingen op it ferfeelsome ôf in ivichheid lykje kinne.

## Tiidsônes

It ierdoerflak is yn 24 sônes ferdield, eltse sône ferskilt ien oere fan de oanswettende sône. De standerttiid is basearre op de stân fan de sinne yn Greenwich, Londen. De Greenwich Mean Time (GMT) jout oan hoefolle oft de tiid ôfwykt fan de standert yn Londen. Ast mear nei it westen reizgest, is it earder as yn Londen. Ast mear nei it easten reizgest, is it letter as yn Londen. Yn Fryslân en hiel Nederlân libje wy yn GMT +1. Dat betsjut dat it by ús ien oere letter is as yn Londen.

Der binne wol lannen dy't oare tiden oanhâlde. Somtiden wurdt út praktyske oerwegingen ôfwykt fan de rjochte linen op de kaart. In grut lân as Sina hâldt bygelyks yn it hiele lân ien tiidsône oan, al falt it lân yn meardere sônes. Ruslân is dêr tsjinoer wol wer opdield yn ferskate tiidsônes, dus ast nei it noarden of suden reizgest, moastst dyn klok ek fersette.



Ferskillende lannen hâlde ferskillende tiidsônes oan. (Boarne: landenkompas.nl)

### Jetlag

Nim no Hongkong, dêr is it sân oeren letter as hjir. Kinst der yn tolve oeren hinne fleane, en dan is it dêr al njoggentjin oeren letter. Dan bist de hiele middei kwyt. Soest neffens de klok om dyn gewoane tiid op bêd gean, dan bist eins sân oeren earder en kinst grif noch net sliepe.

As dyn deiritme fersteurd wurdt troch sa'n tiidsferskil, hjit dat mei in Ingelsk wurd in *jetlag*.

Hoe grutter it tiidsferskil, hoe langer de symptomen oanhâlde kinne. Kinst dy bygelyks wurch fiele, minder enerzjy en konsintraasje hawwe, minder sin oan iten hawwe, of just folle mear op nuvere tiden, net goed sliepe kinne of just hiel betiid wekker wurde.

It liif hat efkes tiid nedich om him oan te passen oan de nije tiid. Wol logysk eins. Al haw ik Phileas Fogg der nea oer heard. Hy reizge fansels wat stadiger as tsjintwurdich en hy wie ek wol wat stoïsynsk yn syn dwaan en litten. Krekt dat lêste hat der grif foar soarge dat er altyd op 'e tiid wie.

Boarnen:

<https://www.landenkompas.nl/tiidsverschil>

<https://isgeschiedenis.nl/nieuws/de-geschiedenis-van-tijdmeting>

<https://nl.wikipedia.org/wiki/Tijdzone>



**Wurkje yn groepkes fan trije oan de folgjende opdrachten:**

- Hoe geane se mei de tiid om yn 'In wrâldreis yn 80 dagen'?
- Meitsje in tiidline fan de ûntwikkeling fan de 'tiid'. Begjin by 'eartiids' en einich by 'no'. Beskriuw de skaaimerken fan hoe 't men omgie mei de tiid op de wichtichste mominten fan de tiidline.
- Wat fine jim de positive punten fan hoe 't men eartiids mei de tiid omgie? Motivearje!
- Wat fine jim de foardielen fan hoe 't men no mei de tiid omgiet? En wêrom?

Hoe soesto it leafst mei de tiid omgean? Hokker gefolgen kin dat hawwe foar dysels? En foar minsken yn dyn omjouwing?

## Ferkeard yn Ingelân

Lara Kool

It is 06.53 oere. O nee, 05.53 oere sels! We binne no ommers yn in oare tiidsône. Hoe dan ek fierstente betiid om no al op 'en paad te wêzen! Mei de nachtboat binne we nei Ingelân ta fearn en no ride we, oan 'e linkerkant fan de dyk fansels, nei ús hotel. Heit hat in stikje bôle mei Fryske tsiis yn 'e hân. Meinaam fan thús. Ik kin sa ier noch gjin hap troch de kiel krije.




Rûte fan 'e nachtboat

### Botsing

Yn in sydstrjitsje sjoch ik in âlde, blauwe Landrover stean, in series 3 tink ik. Moaie auto's hjir hear! Wol frjemd mei it stjoer oan 'e oare kant. As yn *slow motion* sjoch ik it blauwe bolderjende bist oplûken, en ear't ik wat sizze kin, rydt er sa op ús yn! Us auto spint trije kear yn 'e rûnte, foardat er huffend en puffend ynienen stil komt te stean. De doarren oan 'e linkerkant fan ús auto kinne net mear iepen, sa binne se yndûkt. De Landrover, yn wêzen ien blok blau stiel, liket oan de botsing neat oerholden te hawwen. En wysels gelokkich ek net. Soe heit wat ferkeards dien hawwe? As se hjir oan 'e linkerkant fan 'e dyk ride, soe links dan ek foarrang hawwe of net? Mar as we út de auto krûpe, hearre we *"I'm so sorry, I just didn't see you there"*. Blykber is it ek yn Ingelân de regel dat rjochts foarrang hat, tink ik. En wy kamen fan rjochts! Mar as de man ús heit sjocht, mei it ôfkôge stikje bôle noch yn 'e hân, wurdt er ynienen fûl. *"But you were eating!"* is it iennige dat ik ferstean kin. Wat makket it no út dat heit oan it iten wie? Us heit sels liket folslein yn 'e war. Wat in aaklik begjin fan 'e fakânsje!

### Fersekering

De manlju folje wat formulieren yn. Foar de fersekering seit heit. Heit tinkt dat de skea oan ús auto wol betelle wurde sil troch de fersekering. Nei wa foto's fan it ûngemak en frjemd genôch ek fan ús heit mei syn bôle, krûpe we wer yn de auto. Gelokkich start en rydt er noch en kinne we gewoan by it hotel komme.



Landrover series III

### Ferkearsregels yn Ingelân

Yn ús hotel besjocht heit in webside mei ferkearsregels yn Ingelân. Dat hie er better earder dwaan kinnen, want it docht bliken dat der in pear dinkjes oars binne as by ús yn Nederlân. Sa hat de haadwei foarrang op lytsere diken, dus wy hienen indie foarrang. Mar we kamen der ek efter datst as bestjoerder gjin ôfliedingen hawwe meist. Dus gjin diskusje, net belje -sels net *handsfree*-, gjin lûde muzyk en dus sels gjin iten of drinken ûnder it riden! Ai, wat sil dat betsjutte foar de fersekering? In mobyltsje meist hielendal net brûke yn de auto, sels net ast stilstiest. En op 'e rotonde moast mei de klok mei ride.

### Boete

Jout allegear net sa folle, want heit doart net heal mear te riden. Dat we binne oanwiisd op de metro. De rest fan 'e wike is heit net hielendal himsels, mar we kinne dochs noch in protte dwaan. Ienkear thús leit der in slúf op 'e matte. It is in boete foar it iten efter it stjoer. En nei it jild foar de skea kinne we ek wol fluitsje! *"Dat wurdt fan 't simmer net nochris op fakânsje jonge,"* seit heit, *"en foar't we tenei wer nei it bûtenlân reizgje, lêze we earst wat de regels dêr binne!"*

**De opdracht bij deze tekst is te vinden bij de tekst Ferfier yn it ferline.**

# Itensgrinzen

*Berber Spliethoff*

*Fol ôfgriis sjoch ik nei it iten foar my op tafel. Harsens fan in ko, fiskkoppen, sturten, it leit der allegearre feestlik útstald. Elkenien kin yn dit Javaanske ythûs oanskowe en opskeppe. Do betellest allinne watst opytst. Kinst moai it ien en oar priuwe. Ik skep wat rys op en meitsje in gebear nei ús gids om gerêst wat te nimmen. Dat lit de man him gjin twa kear sizze. Hy falt op it iten oan en stoppet yn ien hap in each nei binnen. Mhh, lekker.*

## Wa en wat bepaalt wat goed iten is? Lân en kultuer?

Yn oare lannen en kultueren ite se net allegearre itselde iten. Dêr'tsto wennest bepaalt foar in grut part watsto ynst. Fan oarsprong hat dat fansels te krijen mei watfoar iten der groeit yn in lân. Wat foar bisten libje der? Mar ek tradysje spilet in belangrike rol. No tinkst miskien: wat bedoelt se dêr no wer mei? Wy yn Nederlân hawwe wis ek tradysjes. En dat is ek nochris net op alle plakken itselde. Sa ite wy pipernuten en sûkeladeletters mei Sinteklaas, oaljekoeken by âld en nij en beskút mei mûskes by in berte. Mar yn guon Fryske doarpen wurdt der ek in boffert iten as der in berntsje berne is.



Tradysje kin ek ferdwine yn de rin fan de tiid, omdat it libben feroaret. Sa waard der eartiids, benammen yn boerehúshâldingen, wenjend yn it noarden fan Nederlân, trommelkoeke iten. Trommelkoeke is likernôch heal cake, heal pankoek. Yn in spesjaal trommelkoekeblik waard de trommelkoeke oeren bakt op de stoof of kachel. It wurk koe gewoan trochgean en jûns hiene je lekker iten. In bytsje bûter en sjerp derby. Mmmmm! Mar ja, wa yt der no noch trommelkoeke? Kinst ek gau wat opwaarmje yn de magnetron ast gjin tiid hast om te itensieden.

## Leauwen en iten

Binnen it leauwen binne der faak in soad tradysjes, gebrûken en regels. Bygelyks hat de islam iten dat halal (rein/tastien) is. Dat is fleis fan spesifike bisten dy't op in spesjale wize slachte binne. Ek hast by de Islam Haram (onrein/ferbean). It giet sawol om de hannelingen as om it produkt sels. Dat kin ek noch yn elk gebied of islamtyske learskoalle oars wêze.

### Halal foarbylden

- Fleis dat ritueel slachte is
- Alle griente en fruit
- Bôle

### Haram foarbylden

- Bargefleis en produkten dêrfan
- Net ritueel slachte fleisprodukten
- Alkohoalyske dranken

Elke godstsjinst hat regels. Sa hat it Joadendom 'kasjroet'. Dat binne spiiswetten dy't bepale wat Joaden ite meie. Iten dat foldocht oan dy wetten neame we 'koosjer'. Foarbyld fan koosjer iten binne fruit, griente, tee en kofje.

Foarbyld fan net koosjer iten binne bargefleis, rôffûgelfleis en ynsekten.



Hindoestanen hawwe ek sa harren gebrûken. Sy leauwe yn reynkarnaasje. Sy leauwe dat in dea bist de siele fan in stoarn famyljelid yn har of him hawwe kin. De measte hindoes binne dêrom fegetariër. Boppedat binne kij hillich foar Hindoestanen. It is dus ferbean om kofleis te iten. Der binne om religieuze redenen ek bepaalde mominten dat minsken net ite meie, sa as bygelyks by de ramadan fan de islam.

### **Ynfloeden en trends**

Ynfloeden en trends út oare lannen op it gebied fan iten en drinken ferspriedzje ha fia internet en oare media. Dyn beurs hat fansels ek ynfloed. Ast in soad jild hast, kinst makliker eksoatyske produkten út spesjaalsaken keapje. Hasto minder jild? Dan keapest mooglik 'gewoaner' iten. Sûn iten is faaks ek djoerder as *fastfood*. Dat hat ek ynfloed op wat minsken ite.

Dyn eigen opfettingen telle ek mei: bist fegetariër? Ytst biologysk? Kiest foar duorsume produkten? Fynstjo sûn iten wichtich? En dan fansels ek: smaak. Wat fynstjo lekker? Wat ytstjo graach? En wat ytstjo leaver net? Ek asto beskaat iten noch nea preaun hast, doarsto it dan te iten?

*Ik sjoch wer nei dy harsens. It each dat my oanstoarret fan de oare kant fan de tafel ôf. Nee, ik hâld it by myn skaaltsje rys. Ik ha myn itensgrinzen.*



### **Wurkje yn groepkes fan trije oan de folgjende opdrachten:**

Stelling: 'Wat je ite wurdt foar it grutste part bepaald troch wê't je berne binne'.

Lês boppesteande tekst en de tekst dy 't folget ('Snack on track'). Bepraat op basis fan de ynformaasje út dizze teksten boppesteande stelling. Meitsje in oersjoch fan de foar- en tsjinargumenten.

Wat is jim úteinlike konklúzje as groepke? En wat fynst sels?



### **Werk in groepjes van drie aan de volgende opdrachten:**

Stelling: 'Wat je eet wordt voor het grootste deel bepaald door waar je geboren bent'.

Lees bovenstaande tekst en de tekst die volgt ('Snack on track'). Bespreek op basis van de informatie uit deze teksten bovenstaande stelling. Maak een overzicht van de voor- en tegenargumenten.

Wat is jullie uiteindelijke conclusie als groepje? En wat vind je zelf?

# **Snack on track – in flaubyt ûnderweis**

*Ciska Noordmans*

**Giesto wol ris op fakânsje nei 't bûtenlân? Ast ûnderweis sin hast oan in *snack*, kinst in flaubyt keapje by de *locals*, de minsken dy't dêr wenje. De wrâld leit foar ús iepen en reizgjen makket roppich. Prik in foarkje mei yn Amearika, Azië, Afrika en Europa.**

## **Amearika – New York, San Fransisco**

De VS wurdt wol de 'smeltkroes' neamd, om't hast de helte fan de befolking foarâlders hat dy't út in oar lân wei nei Amearika ferhuze is. In protte komme út Súd-Amearika, Afrika, Sina en Europa. Mei syn allen binne sy ta ien folk 'raand': de Amerikanen. Doe't sy ferhuzen namen al dy minsken harren eigen tradysjes mei, ek as it om iten giet.

Mar wat is no typysk Amerikaansk? Amerikanen snacke graach mei *fast food*, hapslokfuort-iten. Hast alle Amerikanen ite wol ris hotdogs, hamburgers, pizza's en donuts. Mar ek: *pigs-in-a-blanket*, 'bargen yn in tekkentsje', in gerjocht út 1600. Ingelske arbeiders namen de woarsten, yn bôle bewuolle, mei nei it wurk as middeismiel. Se sêdzje goed, en grieme net. Doe't de lânarbeiders emigrearren nei Amearika, namen se de *pigs-in-a-blanket* ek mei! It is dus net sa frjemd dat dy hapkes ek yn Ingelân en Skotlân hiel populêr binne.

## **Europa – Londen, Liverpool / Ingelân**

De Britten hâlde fan fleis yn harren snacks: *Scotch eggs* - aaien yn in jaske fan gehak-, of *pasties* – griente en fleis yn in pastei. Se ite ek graach *pudding* mei fleis; *Yorkshire pudding* fan restjes iten dy't oerbleaun binne, en *blood pudding* fan bloedwoarst. Dy pudding ytst fansels net as neigesetsje, mar as haadgerjocht. Sa'n pudding is stevich en dêrom fûnen sy dat eartiids hiel handich foar ûnderweis! *Bacon sandwiches* – twa stikjes bôle mei spek dertusken – is ek typysk Ingelsk. De sandwich waard yn de 18e iuw útfûn yn opdracht fan de 4e graaf fan Sandwich: John Montagu (1718-1792). John hie sa'n nocht oan kaartspyljen dat er gjin sin hie om tiid te meitsjen foar iten. Mei in *sandwich* koe hy troch spylje, sûnder fize fingers te krijen.

## **Azië – Yokohama/Japan, Honkong/Sina, Calcutta en Bombay/Yndia**

Ite en drinke dogge se yn Azië graach mei-inoar. De minsken binne hjir meast hiel gastfrij en hâlde fan de gesellichheid.

### *Japan*

Yn Japan en ek yn oare Aziatyske lannen ite se meast twa of trije kear deis, en altyd waarm. Se ite sop, noedels of rys mei fleis, fisk, aai, tofu of tempé (beide fan planten makke) en grienten. Der is in soad fariaasje yn kleur, smaak en krûden. Wy kenne yn Nederlân fral de *sushi* út Japan, rys mei seewier en jittikrys. Dat is ek wat *sushi* betsjut: jittikrys.

### *Sina*

Sinezen ite yn prinsipe alles wat libbet, dat komt troch iuwen fan hongere en gebrek. Net allinne sjogge sy alle bisten as in mooglik lekker hapke, dy bisten wurde ek fan kop oant kont opiten. Fynst op de merke fan alles te keap dat wy hjir net ite wolle, sa as kikkerts, slangen, flearmûzen, kakkerlakken mar ek húsdieren. Yn Nederlân kenne wy fral kroepoek, loempia's en bapao, it stoomde broadsje, út Sina.

## Yndia

*Streetfood*, iten fan 'e strjitte, heart by Yndia. Tusken de minsken en it ferkear yn stean de yttintsjes, dêr'tst in curry, mei saus en broadsjes keapje kinst, mar moatst ek net frjemd opsjen as brommers tydlik omboud wurde ta keukens en der in panne mei hite oalje op de bagaazjedrager stiet! Witst dat sy yn Yndia gauris mei de hân ite? Wol allinne mei de rjochter. De linkerhân brûke se foar op de wc!

## Afrika – Suez/Egypte

In grut part fan de Egyptyske befolking is earm en dêrom ite se dêr in protte fegetaryske gerjochten dêr'tst sêd fan wurdst. Griente en rys heart altyd by it miel. As der fleis iten wurdt is it meast skieppe- en lamsfleis. De minsken dy't oan de kust wenje fange fisk dy't se lekker roasterje en opite.

It iten yn Egypte is bot beynfloede troch de omlizzende lannen. Egypte hat in soad 'buorlju', oare lannen om har hinne, boppedat soarget it Suezkanaal foar in soad ferkear oer it wetter. Dy farders nimme sels ek wer iten mei foar ûnderweis en hawwe sa it lokale iten beynfloede. Dochs binne der ek typysk Egyptyske hapkes. *Ful Medammes* is in populêr yngrediïnt foar elk Egyptysk miel en snack. *Ful* is makke fan favabeane dy 't yn oalje mei sâlt sean wurde. *Ful* wurdt meastentiids iten mei aai en tsiis, as folling fan in pita-broadsje. Yn grutte stêden kinst *ful* yn in pûdsje op strjitte keapje. Falafel en shoarma, beide bekend yn Nederlân, binne Arabyske gerjochten en yn Egypte populêr as miel en snack, krekt as *koshari*. *Koshari* is in miks fan rys, makaroany, linzen en kikkerearten dy topt wurde mei sipels, en in klodde knyflôksaus.

## Patatsje Sikehûs en EHBH

Wurdst al roppich, hongerich fan al dat iten? Snacks binne dan dyn EHBH, earst help by honger. Witst wat yn Nederlân de meast populêre flaubyt út de frituer is? De frikandel. Mar patat en kroket skoare ek heech. Oare typysk Nederlânske snacks binne dropkes, hearing en oaljekoeken. Tsjintwurdich hast fan hast elk produkt in fega(n)-fariaasjes. Hâldsto fan snacks? Of kinst fral genietsje fan dy nuvere nammen dy't se krigen hawwe? Krokodel, Patatsje Wetterfyts – mei twa frikandellen op 'e patat, of Patatsje Oarloch mei pindasaus, currysous, mayonêze en sipeltsjes. Witst hoe't se dy lêste ek wol neame? Patatsje-Sikehûs! Ik snap wol wêrom. Do ek? Jou my mar in lekkere sjerpwafel. Wat is dyn HDP\* / favo?

\* Heerlie de Peerlie



### Wurk yn groepkes fan trije oan de folgjende opdrachten:

- Lês boppesteande tekst en ferlykje dy mei it stripboek: Wannear't Mr Fogg op deselde manier deselde reis yn dizze tiid meitsje soe, hokker snacks beskreaun yn boppesteande tekst soe er dan iten hawwe kinne?
- Hokker snacks binne wurde no noch sa iten sa't se yn 1872 mooglik iten waarden?



### Werk in groepjes van drie aan de volgende opdrachten:

- Lees bovenstaande tekst en vergelijk met het stripboek: Wanneer Mr Fogg op dezelfde manier dezelfde reis in deze tijd zou maken, welke snacks beschreven in bovenstaande tekst zou hij dan gegeten kunnen hebben?
- Welke snacks worden nu nog zo gegeten als dat ze mogelijk in 1872 mogelijk gegeten zouden zijn?

# Op reis nei Suriname

Albertsje Spliethoff

**Ik haw in bysûndere bân mei Mariska, myn kapster. Se is fan Surinaamske komôf en al jierren fertelt se my, ûnder it knippen, oer har moaie bysûndere lân: in lân dêr't de minsken hertlik en freonlik binne en noch alle tiid hawwe, mei in prachtige natuer, in rike kultuer en it hearlike iten. No, sokke ferhalen meitsje wol nijsgjirrich en sadwaande bin ik op reis gien nei Suriname.**

## Eartiids Nederlânske kolony

Gelokkich dat ik in goed boek by my hie, want de reis mei it fleantúch nei de oare kant fan de Atlantyske Oseaan duorre hast 10 oeren. Suriname leit hielendal yn in noarden fan Súd Amerika. Wat sa apart is, is dat de offisjele taal dêr Nederlânsk is, neist it Surinaamsk. Dat komt om't Suriname, oant 1954 ta, hast 300 jier in kolony fan Nederlân west hat. Sûnt 1975 is Suriname in ûnôfhinklike Republyk.



De fleanreis (boarne: [www.waterkant.net](http://www.waterkant.net))

## Klimaat

Mariska hie it al sein: 'in jas of trui hast dêr net nedich mar wol in reinponsjo of paraplu'. Doe't ik by oankomst út it fleantúch stapte, fiede it oft der in waarme dampige tekken om my hinne lein waard. Suriname hat in tropysk reinwâldklimaat. Dat hâldt yn dat de temperatuer altyd tusken de 18°C en 34°C skommelet. Seizoenen sa as by ús, mei maitiid, simmer, hjerst en winter, kenne se dêr net. Wol hawwe se it reinseizoen, mei in hiele protte wetter, en it drûge seizoen, mar dan reint it ek noch faak.

## Befolkingstichtheid

In taksy brocht my fan it fleanfjild nei myn hotel yn Parimaribo, de haadstêd. Hjir wenje de measte ynwenners fan Suriname. Suriname is hast fjouwer kear sa grut as Nederlân mar hat mar sa'n heal miljoen ynwenners, wylst Nederlân wol 17,5 miljoen ynwenners hat. Dat komt om't it grutste part fan Suriname út tropysk oerwâld bestiet.

## Gearstalling befolking

Suriname is in echte multykulturele maatskippij. De foarâlden fan de Surinamers komme fan oer de hiele wrâld en hawwe allegearre harren eigen kultuer en gewoanten meinommen. De fiif punten fan de giele stjer yn de flagge fan Suriname stean foar de fiif wichtichste befolkingsgroepen:

- Indianen : de oarspronklike bewenners fan Suriname.
- Creolen : ôfstammelingen van de slaven út Afrika.
- Marrons : ôfstammelingen fan slaven dy't fuortrûn wiene fan de plantages en har yn it oerwâld te wenjen set hiene.
- Hindoestanen : ôfstammelingen fan kontraktarbeiders út India.
- Javanen : ôfstammelingen fan kontraktarbeiders fan it eilân Java yn Indonesië.

### Slavernij en kontraktarbeiders

Yn de santjinde, achttjinde en njoggentjinde iuw wie Suriname in kolony fan Nederlân. Suriname waard as jildboarne fan Nederlân útsûge, De Nederlanners woene safolle mooglik fertsjinje, sûnder each foar de befolking dêre. Om goedkeape arbeidskrêften te krijen waarden der, ûnder twang, minsken út Afrika helle. Dy waarden as slaven yn Suriname te wurk set op de sûker-, katoen- en kofjeplantages fan de Nederlanners. Doe't op 1 juli 1863 de slavernij by wet ôfskaft waard yn Suriname, moasten de plantage-eigners op 'e siik nei nije goedkeape arbeidskrêften. Dy kamen út India en Java as kontraktarbeiders en hiene ek in dreech bestean. Tsjintwurdich is der in soad oandacht foar it slavernijferline en wurdt it lijen fan de slaven gelokkich

### **Te fiskjen op de Commewijne rivier**

De twadde deis waard ik tige hertlik thús ûntfongen troch Lien, de suster fan Mariska en har man Herman. Sy binne fan Javaanske komôf. It plan wie om mei Herman en syn soan de jungle yn te gean om te fiskjen op de Commewijne-rivier. Dit gebied is noch hiel oarspronklik mei in prachtige natuer: it tichte oerwâld mei al dat ferskaat oan beammen en safolle seldsume fûgels, tropyske blommen en wylde bisten. Nei in dei fiskjen sette wy by jûn ús kampemint op ûnder in grut dekseil tusken de beammen. Nei in lekker miel fan bakte fisk en rys joech ik my del yn de hingelmatte. Lokkich wol ûnder in klamboe want oars waardst lekstutsen troch de mosquito's. It wie pikketsjuster en we hearden it nuvere lûd fan brulapen yn de fierte. Herman en syn soan gongen der dy jûns let noch mei in lampe op út op kaaimannejacht. De oare deis leine der twa lytse kaaimannen op 'e wâl. Dy waarden yn in grutte koelboks meinaam om der thús lekkere saté fan te meitsjen.



*Fiskje op de Commewijne (eigen foto)*



*Twa lytse kaaimannen foar de saté (eigen foto)*

### **By de Marrons**

Nei in pear dagen rêstich oan gie de reis fierder nei in Marrondoarp yn it binnenlân, dizze kear yn in korjaal oer de grutte Surinamerivier Wat wie dat geweldich om mei sa'n houten boat, hân makke út ien beamstam, te farren troch streamfersnellingen en tusken rotsen troch. Oan wjerskanten it oerwâld mei al dy bysûndere beammen, wylde planten, kleurige blommen, tropyske fûgels en bysûndere bisten. De Marrons begroeten ús hertlik en we krigen in sliepplakje yn in hutte. De Marrons libje noch hiel primityf en tichteby de natuer. As se siik binne dan geane se earst nei har eigen medisynman. Dy wit in hiele soad oer genêskrêftige krûden út it oerwâld. It wie in hiele ûnderfining om in pear dagen krekt as harren te libjen, sûnder mobylysjes of oare prikkels en te genietsjen fan de lytse dingen sa as de bern dy't yn it wetter boartsje en sa'n wille hawwe.



*It oerwâld oan wjerskanten fan Wat. (eigen foto)*



*Sûnder mobylysjes of oare prikkels. (eigen foto)*

## Nei Parimaribo

Wer werom út de jungle bleau ik noch in pear dagen yn Paramaribo. Yn it sintrum fan Parimaribo steane noch in hiel soad houten koloniale hûzen dêr't de Nederlanners eartiids wennen. Ik ha ek nei Fort Zeelandia west, dat yn eardere tiden mei kanonnen Paramaribo ferdigene tsjin fijannige skippen. It Fort hat in skoft in finzenis west. Hjoed-de-dei is Fort Zeelandia in museum en kinst in protte te witten komme oer de skiednis fan Suriname en oer de slavernij.

Doe wie it wer tiid om nei hûs werom te gean. Wat ha ik no in protte te bepraten mei Mariska, ûnder it knippen. Se hie neat te folle sein. Wat in bysûnder en prachtich lân is Suriname.



### Wurkje yn groepkes fan trije oan de folgjende opdrachten:

Stelling: 'Op reis nei Suriname is in wrâldreis op himsels'

- Ferlykje de tekst 'Op reis nei Suriname' mei it boek 'In wrâldreis yn 80 dagen'. Praat mei-inoar oer de stelling dêr't dizze opdracht mei úteinset. Bist it iens mei dizze stelling? Wêrom wol/net? Wat fine jim as groepke?
- Meitsje mei-inoar in tabel, mei oan 'e iene kant arguminten foar de stelling en oan 'e oare kant arguminten tsjin. Bepreat mei-inoar de arguminten en skriu yn in nije tabel de sterkste arguminten as earste op, dêrnei de wat minder sterke. Je pleatse de arguminten dus op folchoarder fan wichtichheid.



### Werk in groepjes van drie aan de volgende opdrachten:

Stelling: 'Op reis nei Suriname is in wrâldreis op himsels'

- Vergelijk de tekst 'Op reis nei Suriname' met het boek 'In wrâldreis yn 80 dagen'. Praat met elkaar over de stelling waarmee deze opdracht start. Ben je het eens met deze stelling? Waarom wel/niet? Wat vinden jullie als groepje?
- Maak samen een tabel met aan de ene kant argumenten vóór de stelling en aan de andere kant argumenten tegen. Bespreek met elkaar de argumenten en schrijf in een nieuwe tabel de sterkste argumenten als eerst op, daarna de wat minder sterke. Je plaatst de argumenten dus op volgorde van belangrijkheid.

## Reizgje foar de fantasy

*Sigrîd Kingma*

Minsken sykje altyd nei nije dingen. As wy fakânsje hawwe, dan wolle we op reis. Dêr binne wy oars yn as bisten, dy't mear op ien plak bliuwe of inkeld reizgje fanwege needsaak. Dêr woe ik it efkes oer hawwe.

As wy it thús hawwe oer it ferskil tusken minsken en bisten, giet it al gau oer de fysike foardielen dy't minsken hawwe. Ik wit al wat myn partner dan seit: 'Minsken kinne switte!' Krekt as is dat briljant. Ja, it is wier dat de mins de measte bisten der op lange termyn út drave kin. Ast mar lang genôch trochrinst, dan wint de mins it fan alle lân-bisten fanwege ús mooglikheid om te switten.
